



Skriuw in nij liet - Rispinge

Op sneon 3 novimber 2018 wurdt by Nijkleaster yn Jorwert troch de Stifting Krúspunt in wurkshop organisearre foar dichters, skriuwers en oare belangstellenden.

Doel is in oantrún te jaan by it skriuwen fan sjongbere Frysktalige lieten foar in liturgyske setting.

Ynlieder is David de Jong, fan wa meardere teksten yn it Nije Fryske Lieteboek (útjefte Royal Jongbloed / Krúspunt 2019) opnommen binne.

Wy oefenje dizze dei aktyf yn it skriuwen fan fersen, mei '*Rispinge*' (oogst) as tema.

Meardere wurkfoarmen wurde brûkt, begelieding is beskikber.

De rispinge fan dizze dei fynt in delslach yn de fesper, dy't de dei ôfslút.

Organisator:

Stifting Krúspunt, www.kruspunt.frl, Sipke Huismans

Lokaasje: Nijkleaster, Jorwert, www.nijkleaster.frl

Opjefte: www.nijkleaster.frl

Kontaktpersoan: Tryntsje van der Veer 0610908525

Programma yn detail

09:15 Ynrin

09:30 Moarnsgebed

10:00 Wolkom en mei-inoar yn de kunde komme
Sipke Huismans en Tryntsje van der Veer

10:30 Ynlieding David de Jong

11:00 Oan 'e slach

12:15 Lunsj yn It Wapen fan Baarderadiel

13:00 Kuier

14:15 Oan 'e slach

15:30 Skoft en tarieding Fesper

16:00 Fesper '*Rispinge*'

16:30 Ofsluting

Kosten: € 30,- per persoan (ynkl. kofje/tee en fegetaryske lunsj mei sop). **Betelje kin fia iDEAL.**

Binne jo dochs ferhindere? Dan kinne jo jo ôfmelde foar 1 novimber fia **info@nijkleaster.nl**. Wy gean der dan fan út dat wy jo bydrage foar dizze dei beskôgje meie as in gift foar Nijkleaster.

Iepenbier ferfier: De bus (93) komt troch Jorwert. It treinstasjon yn Mantgum leit op 2 kilometer fan Jorwert.

Rispinge



Foto David de Jong

**Ierdryks einen
Jubelje
Sjong foar de Hear**